

# PARSEBERJOCHT

24 maaie 2017

## Net dreame, mar dwaan

Yn de Amerikaanske muzykscene gûnzet har namme al langer, mar yn Nederlân hawwe noch mar in pear minsken fan har heard. En dat wylst de karriêre fan muzykproducer en songwriter Femke Weidema (34) in suksesferhaal yn wurding is, ynklusyf in Grammy. “Myn dreamen binne dingen dy’t ik plan om te dwaan. Miskien wurde se net sa grut as pland, mar salang’t je earste stappen sette komme je altyd earne út.”

Har mentor Liz Rose, ek de ûntdekker en ferskesskriuwer fan Taylor Swift, sei al oer Femke: “I think she can do anything. All Femke needs is a hit and with a couple of great singles out there, that hit might happen this year.” Programmamakker Afke Boven reizge foar Omrop Fryslân nei Amearika en makke in dokumintêre oer de Friezinne.

De muzikale Femke groeide op yn it Fryske Drachten. Nei it nimmen fan akkordeonlessen, stoomt se troch nei it konservatoarium yn Grins. Dêr wurdt har mearsidichheid, Femke spilet yntusken op ferskate ynstruminten en sjongt en komponearret, as in beheining sjoen. Nei har ôfstudearjen giet Femke nei Amerika, regelet in beurs foar it ferneamde Berklee College of Music yn Boston en kriget dêrnei in scholarship yn LA oanbean. Se skriuwt muzyk foar artysten, films en tv-searjes (û.o. foar de searje Nashville: <http://bit.ly/1UMxID>), wennet tsjintwurdich yn Music City Nashville en hat yntusken in earste (Latin) Grammy op har namme stean.

Ameearika blykt echt it lân fan de ûnbegrinze mooglikheden, mar it gie Femke net allegearre foar de wyn. “Ik bin der leafdes foar kwytrekke en faak wie ik earm. Ik hie foar in komfortabel libben kieze kinnen, mar de muzyk komt altyd earst. Dat is in hiel bewuste kar.” Wêrom komt de ien net fierder dan it poadium fan de lokale kroech en wurdt de oar in wrâldwiid prizige producer? Yn de Fryslân DOK ‘Net dreame, mar dwaan’ giet Afke Boven op syk nei de antwurden.

### Fryslân DOK: Net dreame, mar dwaan

Snein 4 juny fan 17.00 oere ôf alle oeren by Omrop Fryslân. Op NPO 2 op sneon 3 juny om 15.30 oere en snein 4 juny om 13.05 oere.

---

### **Noat foar de redaksje:**

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 78 76.

# PERSBERICHT

24 mei 2017

## Net dreame, mar dwaan

**In de Amerikaanse muzieksce­ne gonst haar naam al langer, maar in Nederland hebben nog maar weinig mensen van haar gehoord. En dat terwijl de carrière van muziekproducer en songwriter Femke Weidema (34) een succesverhaal in wording is, inclusief een Grammy. “Mijn dromen zijn dingen die ik plan om te doen. Misschien worden ze niet zo groot als gepland, maar zolang je eerste stappen zet kom je altijd ergens uit.”**

Haar mentor Liz Rose, tevens de ontdekker en liedjesschrijver van Taylor Swift, zei al over Femke: “I think she can do anything. All Femke needs is a hit and with a couple of great singles out there, that hit might happen this year.” Programmamaker Afke Boven reisde voor Omrop Fryslân naar Amerika en maakte een documentaire over de Friezin.

De muzikale Femke groeide op in het Friese Drachten. Na het nemen van accordeonlessen, stoomt ze door naar het conservatorium in Groningen. Daar wordt haar veelzijdigheid, Femke speelt inmiddels op scheidene instrumenten en zingt en componeert, als een beperking gezien. Na haar afstuderen vertrekt Femke naar Amerika, regelt een beurs voor het befaamde Berklee College of Music in Boston en krijgt vervolgens een scholarship in LA aangeboden. Ze schrijft muziek voor artiesten, films en tv-series (o.a. voor de serie Nashville: <http://bit.ly/1IUMxID>), woont tegenwoordig in Music City Nashville en heeft inmiddels een eerste (Latin) Grammy op haar naam staan.

Amerika blijkt daadwerkelijk het land van de onbegrensde mogelijkheden, maar het ging Femke niet altijd voor de wind. “Ik ben er liefdes voor kwijtgeraakt en vaak was ik arm. Ik had voor een comfortabel leven kunnen kiezen, maar de muziek komt altijd eerst. Dat is een heel bewuste keuze.” Waarom komt de een niet verder dan het podium van de lokale kroeg en wordt de ander een wereldwijd geroemde producer? In de Fryslân DOK ‘Net dreame, mar dwaan’ gaat Afke Boven op zoek naar de antwoorden.

Fryslân DOK: Net dreame, mar dwaan (Niet dromen, maar doen)

Zondag 4 juni vanaf 17.00 uur elke uur bij Omrop Fryslân. Op NPO 2 op zaterdag 3 juni om 15.30 uur en zondag 4 juni om 13.05 uur.

---

### **Noot voor de redactie:**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.